

PARSEBERJOCHT

4 maaie 2017

Omrop Fryslân-wike foar bern dy't yn earmoede libje

'De pot moat leech...' oer it wurk fan Stichting Leergeld

Hoe is it as je as bern net meidwaan kinne oan sport of in skoalreiske om't der gjin jild foar is? En hoe moatte je húswurk meitsje as je sels gjin laptop hawwe? Yn Fryslân binne der noch hieltyd bern dy't yn earmoede opgroeie en dêrom net meidwaan kinne oan aktiviteiten dy't foar oare bern hiel gewoan binne. Stichting Leergeld is der om sokke bern te helpen, mar noch net elkenien wit de stichting te finen. Dêrom is der fan 8 oant en mei 12 maaie by Omrop Fryslân de spesjale wike 'De pot moat leech...'.

It is in maatskiplik probleem, bern dy't yn earmoede opgroeie. Sosjaal isolemint driget as in bern net meidwaan kin oan sport of oare aktiviteiten. Stichting Leergeld helpt yn Fryslân tûzenen bern om wol meidwaan te kinnen of om bygelyks in jierdei feestlik fiere te kinnen. Ien fan dy bern is Manoesch Wouenaar. It bedriuw fan heit Arend gie yn 2015 fallyt en dat hie ek in grutte impact op de bern. Manoesch sit yn 5 VWO en de skoalreis gie nei Rome. Thús wie dêr gjin jild foar, mar mei help fan de Stichting Leergeld koe se dochs mei: "Het was ontzettend leuk. Het is echt iets waar je over 30 jaar nog aan terugdenkt. Het was een ervaring." De bern fan Marleen de Vries kinne mei help fan de stichting sporte, op muzykles en harren húswurk meitsje op in laptop. Marleen: "As Stichting Leergeld der net wie dan koene de bern dat allegearre net, want ik kin it net betelje."

Dochs wit noch lang net elkenien it paad nei Stichting Leergeld te finen. Fan 8 oant en mei 12 maaie is der dêrom by Omrop Fryslân ekstra omtinken foar it wurk fan de stichting. Mei reportaazjes en ynformaasje op radio, telefyzje en online. En mei persoanlike ferhalen fan minsken dy't troch de stichting holpen binne, lykas Manoesch en Marleen. Dat alles is fan moandei ôf te finen op: Omropfryslan.nl/leergeld. Sjoch foar mear ynformaasje oer Stichting Leergeld ek op: Leergeld.nl.

Noat foar de redaksje:

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommúnikaasje: 058 299 7876.

PERSBERICHT

4 mei 2017

Omrop Fryslân-week voor kinderen die in armoede leven

‘De pot moat leech...’ over het werk van Stichting Leergeld

Hoe is het om als kind niet mee te kunnen doen aan sport of een schoolreisje omdat er geen geld voor is? En hoe moet je huiswerk maken als je zelf geen laptop hebt? In Fryslân zijn er nog altijd kinderen die in armoede opgroeien en daarom niet mee kunnen doen aan activiteiten die voor andere kinderen heel gewoon zijn. Stichting Leergeld is er om zulke kinderen te helpen, maar nog niet iedereen weet de stichting te vinden. Daarom is er van 8 tot en met 12 mei bij Omrop Fryslân de speciale week ‘De pot moat leech...’.

Het is een maatschappelijk probleem, kinderen die in armoede opgroeien. Sociaal isolement dreigt als een kind niet mee kan doen aan sport of andere activiteiten. Stichting Leergeld helpt in Fryslân duizenden kinderen om wel mee te kunnen doen of om bijvoorbeeld een verjaardag feestelijk te kunnen vieren. Een van die kinderen is Manoesch Wouwenaar. Het bedrijf van haar vader Arend ging in 2015 failliet en dat heeft ook een grote impact op de kinderen. Manoesch zit in 5 VWO en de schoolreis ging naar Rome. Thuis was daar geen geld voor, maar met hulp van de Stichting Leergeld kon ze toch mee: “Het was ontzettend leuk. Het is echt iets waar je over 30 jaar nog aan terugdenkt. Het was een ervaring.” De kinderen van Marleen de Vries kunnen met hulp van de stichting sporten, op muziekles en hun huiswerk maken op een laptop. Marleen: “As Stichting Leergeld der net wie dan koene de bern dat allegearre net, want ik kin it net betelje.”

Toch weet nog lang niet iedereen de weg naar Stichting Leergeld te vinden. Van 8 tot en met 12 mei is er daarom bij Omrop Fryslân extra aandacht voor het werk van de stichting. Met reportages en informatie op radio, televisie en online. En met persoonlijke verhalen van mensen die door de stichting zijn geholpen, zoals Manoesch en Marleen. Dat alles is vanaf maandag te vinden op: Omropfryslan.nl/leergeld. Kijk voor meer informatie over Stichting Leergeld ook op: Leergeld.nl.

Noot voor de redactie:

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie: 058 299 7876.